

# Taastbere taal

**Ein 2015 naam ik de opdracht oan om Lân fan taal stal te jaan. Der wie al in soad foarwurk dien. Der wiene petearen fierd, rapporten skreaun en net ûnbelangryk: der wie budzjet frijmakke. Mar in plan wie der noch net. Dat wie ek dreech, want hoe kinst no in programma meitsje oangeande eat dat sa ûntaastber is as taal? Taal: do hast it sein en it is fuort!**

Yn 'e mande mei konseptûntwikkelder Roos van Geffen en projektmanager Wybren Jorritsma formulearren wy – op basis fan in soad petearen – de útgongspunten. Mei taal kommunisearrest en litst sjen wa't bist. Dêrom wie it earste útgongspunt dat yn alles in persoanlike útnûging sitte moast om dy te uterjen en mei te dwaan. Alle minsken persoanlik oansprekke wolle betsjut ek: romte foar ûnderskate manieren fan uterjen en praten. Dêrmei waard de stap nei meartaligens makke. Allinne dan fielt elk him ek echt wolkom. Boppedat: wy wiene Kulturele Haadstêd fan Európa. Dus it twadde útgongspunt wie dat wy safolle mooglik minsken en nasjonaliteiten oansprekke woene. Elk moast meidwaan kinne, him thús fiele by en yn Lân fan taal. It tredde útgongspunt wie dat wy taal fielber meitsje woene. Wy hiene keunstners en kreative tinkers nedich dy't taal ferbylde koene. Wy skreaune in pitch út en Studio Louter út Amsterdam wûn. Mei harren hawwe wy it idee betocht fan in frijsteat mei in eigen manifest. In oprop mei njoggen boartlike regels. Want in frijsteat foar alle talen fan de wrâld hat gjin hierargy en wetten, mar wol útnûgje om kreatyf en skeppend mei taal om te gean. Dwers troch alle útgongspunten hinne foarme it Frysk de fanselsprekkende reade tried. Ús taal is in wrâldtaal, lyk oan dy oare 7.000 erkende talen en 30.000 taalfariaasjes op ús ierdbol.

Mooglik klinkt dat dizenich en net te mjitten. Dochs foarmen dy útgongspunten de paadwizer by alles wat wy makke en organisearre hawwe. Taalpodium Obe moast der iepen en útnûgjend útsjen, mei in programmearring dy't dy bewust makket fan it feit dat der yn 'e wrâld folle mear talen binne as datst betinke kinst. De keunstners fan de projektsjes op de Aldehou krigen mei dat it oer meartaligens gean moast. Mar wiene fierder frij yn harren manier om taal, byld en lûd oan inoar te ferbinen ta in grut multymediaal gedicht. De Taletún moast in plak wurde foar moaie taalavontieren en it fieren fan it grutte tal talen.

It wiidweidige programma fan Lân fan taal rjochte him hieltyd op twa groepen. De tafallige foarbygonger dy't yn de stêd fansels by Lân fan taal útkaam. En dy't om samar te sizzen nei binnen lokke waard om de skjintme fan meartaligens te ûntdekkjen en him fan taal bewust te wurden. En as twadde groep de taal- en literatuerbelangstellende, dy't him fierder ferdjippe koe, mar dy't ek útnûge waard om besteande stânpunten te ûndersykjen en mooglik op 'en nij te besjen.

Troch de útgongspunten yn 't foar goed te ûntwikkeljen, út te dragen en te dielen, koene wy yn de mannichte oan aktiviteiten in ienheid skeppe. Wy hawwe ûnderfûn dat taal it begjin is fan in hiel soad en dat meartaligens net allinne fanselssprekkend en attraktyf is, mar ek de basis foarmet foar in ynklusive mienskip.

Siart Smit  
Programmadirekteur  
Lân fan taal

# Programma yn 2018

In net folslein oersjoch fan it Lân fan taal-programma yn 2018:

(Hast) alle dagen iepen: Obe (mei û.o. eksposysje Tim Etchells), gemeentehûs (mei keunstwurk DNALWD2018), Afûk, Historisch Centrum Leeuwarden, Fryske Akademy en Tresoar. Fan 30 maart oant en mei 28 oktober wiene alle dagen iepen: Taletún, MeM Livingroom of languages en Paviljoen Liwwadders.

Alle tongersdei oant en mei sneintejûnen, 2 febrewaris oant en mei 25 novimber:  
fideoprojeksje op de Aldehou

Alle moannen: Poëzykuiers en DNA-ekspedysjes by HCL wei

Alle 3<sup>e</sup> tongersdeis fan de moanne: lunsjlêzing by Tresoar

(Hast) alle 3<sup>e</sup> tongersdeis fan de moanne: Taaltoer by Obe wei

16 novimber 2017: 1<sup>e</sup> Taaltoer, hieltyd in oar taalfenomeen sintraal

26 o/m 28 jannewaris: iepening LF2018, Obe offisjeus iepene

2 o/m 4 febrewaris: premjêre 1<sup>e</sup> projeksje, Sprekboatefestival, iepening LFT/Obe

1 o/m 4 maart: festival Yiddish Waves

9 maart: premjêre 'Karawane', Tryater

30 maart: iepening Taletún mei paviljoens

31 maart: 1<sup>e</sup> Deropút mei heit en mem-sneon yn Taletún

3 april: 1<sup>e</sup> Stimmen-taallêzing Rijksuniversiteit Groningen yn Obe

13 o/m 15 april: premjêre 2<sup>e</sup> projeksje en Taletúnfestival

23 o/m 26 april: 1st Conference on Frisian Humanities

25 maaie: iepening tún Fryske Akademy

8 en 9 juny: 13<sup>e</sup> Streektaalkonferinsje

1 o/m 10 juny: Taalkaravaan op Oranjewâld Festival

24 juny: lanlike manifestaasje Poetry Circle yn Ljouwert

27 juny: Grut Frysk Diktee op Aldehoustersjerkhôf

15 o/m 24 juny: Taalkaravaan op Oerol, Skylge

28 juny o/m 1 july: Taalkaravaan op Simmerdeis, Drachten

8 july: 8<sup>ste</sup> dei, in rige fan eveneminten yn Ljouwert

27 july: premjêre 3<sup>e</sup> projeksje

3 o/m 6 augustus: Taalkaravaan by The Tall Ships Races, Harns'

6 o/m 8 septimber: Taalkaravaan by de Admiraliteitsdagen Dokkum

29 septimber: WrâldDôveDei, Neushoorn Ljouwertn

5 o/m 7 oktober: premjêre 4<sup>e</sup> projeksje & Minifestival

27 & 28 oktober: lêste wykein Taletún

7 novimber: projeksjemaratón

14 novimber: symposium 2018 x ûnderwiis

11 nov o/m 8 des: eksposysje Citybooks yn Obe

15 o/m 17 novimber: talige dûnsfoarstelling 'Church of Ignorence' fan Liquid Loft

19 o/m 23 novimber: ferhalejûnen Ferhalefjoer op Fryske basisskoallen

22 o/m 24 novimber: Festival Explore the North

24 en 25 novimber: slotwykein LF2018, mei noch 1x alle projeksjes

14 des o/m 2 feb 2019: eksposysje Marboei yn Obe

## **Meartalich merk**

**As idee, as winsk bestie Lân fan taal al jierren. Ljouwert-Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa 2018 brocht it projekt yn in streamfersnelling. Neist it realisearjen fan in programma, in bliuwend taalpodium en in tydlike ynrjochting fan in gebiet, moast der yn sân hasten in merk boud wurde. In merk dat by in frijsteat past, dat as paraplu en 'karmark' wurket foar alle aktiviteiten en dat eigendom is fan elk.**

It logo en de hússtyl wiene ûnderdiel fan de opdracht – wûn troch Studio Louter en Archetypisch – foar de foarmjouwing fan de tentoanstellingsromte yn Obe en it fysike 'lân' (it gebiet Aldehoustertsjerkhôf en Prinsetún). As oerkoepeljend konsept waard Lân fan taal als frijsteat betocht; in lân dêr't wy taal fiele, fiere en diele. Dêr't taal alles is en alles taal is.

(Styl)eleminten dy't dêr by passe binne:

- in ramt, dêr'tst kommentaar yn jaan kinst, mar dat ek perfekt wurket as LFT-laach dy't organisaasjes oan har eigen uterings tafoegje kin;
- de stêd as kanvas, teksten dy't letterlik oan gebouwen en strjitten tafoege wurde; meartalige kommunikaasje;
- it 'open source'-lettertype Noto Sans, dat fergees delladen wurde kin fia Google en dat alle skriftsoarten wrâldwiid stipet;

### **Byldtaal**

Oan de swart/wyt grafyske styl hawwe wy sterke (studio)portretfoto's tafoege. Omdat byldtaal ek telt, om de werkenberens fan LFT as merk te fergrutsjen en om de webside en uterings oantrekliker te meitsjen. Tryntsje Nauta en Heleen Haijtema krigen de opdracht om in rige foto's te meitsjen, dy't yn de rin fan de tiid fierder útwreide binne. Úteinlik hawwe se likernôch 35 foto's makke (alle kearen in lizzend en in steand byld).

### **Webside**

BWH Ontwerpers ûntwikkele in boartlike, ynteraktive en meartalige (Frysk, Nederlânsk, Dútsk en Ingelsk) webside. Projekten, aktiviteiten, nijsberjochten likegoed as eftergrûnynformaasje moasten in plak krije. Troch hieltyd oare aktiviteiten op de hiemside te setten hâlden wy de spanning deryn. Op de webside koene in soad bestannen delladen wurde, lykas teksten fan de projektsjes op 'e Aldehou. Ek kinne basisskoallen dêr in folsleine groep 8-musical dellade, ynklusyf skript en muzyk.

## **Kampanje**

Al yn 2017 begûnen wy mei it kampanje fieren. De taalregels doeken op by de partners en op reklamebuorden. Fan begjin 2018 ôf gie it echt 'oan'. In miks fan Twosigns, printadvertinsjes, struibriefkes, online advertinsjes, Omrop-reklameboadskippen, brosjueres, weijouwerkes ensfh. waard ynset. Spesjals wiene de bagaazjebân mei belettering op Groningen Airport, in rûte/plattegrûnfolder foar Obe-besikers, festivalbantsjes yn it iepeningswykein en pinnen dy't 'alle talen skreaune'. Wichtige spearpunten wiene de kommunikaasje mei en fia de partners (lykas in rige kollektive advertinsjes yn regionale media) en it oanheakjen op LF2018. De partners koene meilifte op de sintraal ûntwikkele styl en middels troch online mei harren de stylgids, in arkbak en de byldbank te dielen.

## **Boadskip & tone of voice**

By Lân fan taal bist wolkom, wat dyn nasjonaliteit en (memme)taal ek is en oftst LFT no bewust besikest of der alhiel tafallich telâne komst. Do wurdst ferrast, ûntdekst wêr't talen wei komme, sjochst en hearst wat keunstners der mei dogge, moetest oarstaligen en kinst dyn eigen ferhalen kwyt. Troch Lân fan tal bist aanst in skat oan wurden en ûnderfinings riker.

Tone of voice: boartlik, fleurich rebelsk, aktueel en in bytsje ûntregeljend.

Oansprekfoarm: do

## Wat leart taal?

**In bern wurdt berne mei in lyts wûnderke yn syn of har liif. In taalwûnder. Sûnder taalfoarkar ("Nee gjin Sineesk, mem ... fierstente dreech. Lear my mar Spaansk"). Want do hast as bern ferlet fan taal. Om mei te kommunisearjen en dyn gefoelens en tinzen mei út te drukken. Yn dy folchoarder. It earste part fan it learen fan taal giet boartsjenderwize, troch de needsaak om te kommunisearjen.**

Mei dy ynformaasje hat de edukaasje fan Lân fan taal yn 2018 ûndersocht, ûntwikkele en foarm jûn. Mei bern en jongerein, mei leararen, dosinten, studinten, beliedsmakkers, kollega's en mei de mienskip. Fan jong oant âld, fan minsken mei beheinde taalfeardigens oant minsken mei in hege oplieding.

Taal is dyn identiteit. Taal is wa'tst bist, yn dyn fermidden, ferbûn mei de minsken om dy hinne. Yn it lyts yn 'e húshâlding en de famylje en yn grutter fermidden op skoalle, yn dyn doarp, stêd provinsje én as wrâldboarger. Ast derfan útgiet dat taal dyn ekspresjemiddel is, dan is elk meartalich. Neist dyn memmetaal praatst ommers non-ferbaal, digi-taal, famylje-taal, mooglik wol in keunst-taal lykas gi-taal. Boartsje mei taal omdat taalwille it begjin is en de regels dêrnei folgje. Ferwûndering fiert de boppetoan!

Wy hawwe mei taal boarte, taal fierd, taalspoaren efterlitten, tusken de rigels troch lêzen. Mei liif, hert, holle en hannen nei taal sjoen. Der oan rûkt en preaun. Wy hawwe ûndersocht oft keunst en kultuer in goede yngong binne om mei taalekspresje en kommunikaasje dwaande te wêzen.

### **Moaie fynsten**

Troch yn it brede taalgebiet te ûndersykjen hawwe wy útfûn dat:

- it wichtich is om goede fragen mei in soad betsjutting te stellen;
- ferhalen fertelle essinsjeel is;
- taal in poadium krije moat;
- taal mei it hiele lichem praten wurdt;
- taal oeral yn sit op hiel ûnferwachte plakken;
- der kontakt makke wurde moat ast in petear fiere wolst.

## **Djippe sucht**

Mar wy binne ek noch mar krekt begûn. Want der waard suchte op skoallen as wy fertelden dat it oer taal gie. Bern heakken ôf as se wat skriuwe moasten ('saaaaai'). De eagen fan pubers draaiden fuort ("dit gaat toch niet over Fries hè, want dat versta ik niet"). Bern fertelden dat se gjin boeken lêze omdat dat tefolle muoite kostet ("filmkes binne folle makliker"). Giet it dan allinne mar oer taalwille? Mei taalwille allinne komst fansels net sa fier. It is in begjin. Salang't der noch hieltyd bern mei in beheinde taalfeardigens fan skoalle komme en de lês- en taalwille minder wurdt. Salang't de needsaak om dyn memmetaal en taal fan dyn fermidden te learen as in ferplichting fielt. Dat freget om gearwurking. In yntegrale, ferbinende gearwurking. Foar it Frysk, foar it Nederlânsk, foar taal yn it algemien. Wolle wy jonge minsken yn Fryslân opgroeie litte ta taalsterke, kultuerbewuste, nijsgjirrige minsken mei in takomstfisy en gefoel foar de omjouwing? Dan freget dat om in mienskiplike en oanhâldende fernuvering oer it magyske taalwûnder dêr't wy allegearre oer beskikke. En om trochtaastende stappen út dy ferwûndering wei.

*Mei tank oan de Provinsje Fryslân dy't it oandoard hat ús dit prachtige Lân fan taal foarm jaan te litten. En yn it Fryske regioprofyl útsprutsen hat om fierder te gean op dit no noch ûnbekende paad. Ferdwale yn taal! Leve de needsaak!*

## **Edukaasje yn 2018**

Mei foar en troch bern, jongerein, partners en oare folwoeksenen yn en bûten Fryslân:  
Taletùn | Musical Toen Brutaal naar Meertalië kwam | rondleidingen & workshopdagen voor primair en voortgezet onderwijs, pabo, mbo en hbo | Taal-Kit | Danstaal voor kleuters | Poëziefantasie | Ferhalefjoer | Vertelplaat Zinspinsels | Kurrikulum.frl | kennisdeling en inspiratie leerkrachten & kunst- en cultuurprofessionals | DNA van Leeuwarden | taalkettingreactie tijdens 8e dag | meertalige posters  
Taal yn Byld | samenwerking en verankering in KEK2 met kunst-, cultuur- en taalinstellingen | lezingen | gesprek met ambtenaren en bestuurders | taalpadpoorten | Het verhaal van Liwwadden | Swalkkasten | Verdwalen in verhalen | Jonge schrijvers met Meeuw en Explore the North | Spreekbotenfestival | Taalkaravaan op festivals | US Lân fan taal-app | Taaltoveraars | lessen en inspiratie op mbo & pabo | Karawane en andere theatervoorstellingen | Sjongfestival | koelkaststickers | I-lab | Sense of place junior | Symposium 2018 x onderwijs | regioprofiel Frysk Bidbook

*"Ferhalen fertelle yn 'e klasse is mei-inoar oefenje hoe't it libben wurket"*

*Mark Mieras*



## Iepen programma

**Yn 2017 wie der fan de kant fan de provinsje Fryslân in Lân fan taal-subsydzjeregeling foar Mienskipprojekten. De provinsje woe dêrmei fernijende projekten op it mêd fan Frysk en meartaligens stimulearje. Alle keunstdisiplinen koene yn 2017 in oanfraach dwaan, salang't it om in produksje bedoeld foar it publyk gie.**

Mei-inoar wie der € 100.000,- beskikber. Yn trije perioaden koe der oanfrege wurde, wêrby't keazen wurde moast tusken in lytse oanfraach fan € 500,- of in grutte oanfraach fan op syn meast € 5.000,-. Dy lêsten waarden troch in kommisje beoardiele. Mei-inoar hawwe 36 projekten in subsydzje krigen.

It iepen programma jout in moai byld fan de manieren wêrop't taal benei kommen en ynset wurde kin. De haadyndieling: teäter, poëzy, taalavontoer en edukaasje. Fan alle tema's neikommend ta foarbylden fan projekten dy't honorearre binne.

### **Teäter**

#### 'De profylfoto fan Klaas' troch Stichting Talant

In muzikale teäterproduksje yn Wommels, dy't diel útmakke fan LF2018-projekt Under de Toer. Der wie sprake fan in bysûndere gearwurking tusken professionals, frijwilligers, kliïnten fan Talant en in Sweedsk koar besteande út minsken mei en sûnder lichamlike en/of geastlike beheining. Mei de lokale muzyk-, sjong- en toanielferienings waard de rol fan de tsjerketoer as beaken yn it libben beskreaun en besongen.

#### Literêre kuier 'De Wuttelhaven del' troch Sigrid Kingma

Dizze literêre stedskuier is basearre op de oarlochsroman fan Gysbert Japixcpriiswinner Steven H.P. de Jong. It ferhaal yn it boek tsjinne as reade tried foar gedichten en lytse toanielstikjes op de rûte yn de talen Frysk, Liwwadders, Nederlânsk en Dútsk. De kuier rint troch de moaiste stikjes fan Ljouwert, mar lit ek in tsjustere kant fan de stêd sjen.

## Poëzy

### 'Dichter op de Deel' troch Kunstvereniging Kunst achter Dijken

Om 'e twa jier is yn it Fryske doarp Eksmoarre it dichtersfestival 'Dichter op de Deel', ien fan de meast suksesfolle poëzy-eveneminten yn Fryslân. De seisde edysje stie yn it teken fan ferskaat, ferbining en foardracht. Wêr't de Fryske taal in wichtige binende faktor is, manifestearret it ferskaat him yn de programmearring. Sa dielde de bekende Irakese skriuwer Rodaan Al Galidi it podium mei de tachtichjierrige Aggie van der Meer út Boalsert. En stiene de trijeëntweintichjierrige Obe Alkema en de jonge Belgyske Charlotte van de Broeck – eksponint fan in moderne foardrachtstyl – neist nestor en P.C. Hooft-laureaat Tonnus Oosterhof.

### 'Fabels met Kleurkrijt' troch Jankobus Seunnenga

Fan Lowlands oant Paradiso: Jankobus hat der stien. Hy stiet bekend om syn oandiel yn de punkband Kobus gaat naar Appelscha en it Fryske folkduo Pigmeat. Yn 2018 smiet de oerpunker it oer in oare boech. Hy fertolke de dichtbondel 'Fabels met Kleurkrijt' fan Simon Vestdijk op cd en droech dy foar yn yntime setting: Fryske húskeamers, kafee's en biblioteken. Fabels met Kleurkrijt (1938) bestiet út fyftjin gedichten mei tema's út de natuer. Jankobus wurke tegearre mei Simon Vestdijks soan Dick oan de cd, dy't yn it iepeningswykein fan LF2018 presintearre waard.

## Taalavontuer

### 'Skrieve in ut Stadfries' troch Taalburo Popkema

In symposium mei wurkwinkels, rjochte op it skriuwen yn it Stedsfrysk, mei ûnder oare in wedstriid om de mearkes fan de bruorren Grimm yn it Stedsfrysk oer te setten. De publikaasje fan de 'Sprookjes fan Grimm in ut Stadsfrysk' is yn novimber 2018 ferskynd.

### 'Video-installatie Crash' troch Bram de Goeij

In meartalige fideo-ynstallaasje wêryn't objekten út it wurd sels opboud binne. Sa bestiet 'gers' bygelyks út lange wiuwende stâlen, makke fan it wurd GERS. Mei help fan de projektsje ferpleatse harren op de flier en it plafond ferskate troch de minske makke ferfiermiddels. Elk wurd wurdt oanfolle mei syn eigen karakteristike beweging en wer te kennen lûd. It wurd WJUKKELMASINE draait bygelyks yn 'e rûnte, klinkt as in helikopter en ferpleatst him fluch oer it plafond. Hieltyd rekket in ferfiermiddel út syn baan, komt yn 'e natuer telâne en botst op in beam of oar elemint yn it lânskip. Yn de klap falle de wurden yn wurdlidden útinoar. As it stof(in wolk fan de wurdjes STOF) oplutsen is, foarmje de wurdlidden wer nije, earder net-besteande, wurden.

## **Edukaasje**

### 'Meertaligheid gebarentaal' troch Belle Dijkstra en Jildou Dooper

De learlingen dy't nei de Master Amiko geane, wenje yn it asylsikersintrum fan Snits. Dy learlingen komme út ferskate lannen en prate ferskate memmetalen. Inkelde bern hawwe yn harren thúslân nei skoalle west, mar in soad bern komme op de Master Amiko foar it earst mei skoalle yn 'e kunde. Mei it projekt fan Jildou Dooper en Belle Dijkstra krigen de learlingen, dosinten en oanbelangjenden gebeartetaal as helpmiddel om de kommunikaasje makliker te meitsjen en it oanlearen fan de (sprutsen) Nederlânske taal flugger ferrinne te litten.

### 'Fier dyn Frije Taal' troch Stichting Utjouwerij Frysk en Frij

Op basisskoallen waarden poëzywurkwinkels organisearre mei as tema: wat is haadsaak? Wat fynst do it wichtichste? Bern waarden útnûge om yn harren eigen taal of dialekt in gedicht te skriuwen en foar te dragen. It doel: it toanen fan it kleurrike taallânskip yn Fryslân. Foarby kamen Frysk, Nederlânsk, Turksk, Arabysk, Fryske dialekten en Ingelsk.